



Beliedsplan Stichting Fryske Rie 2019

Yn dit beliedsplan is in taljochting ferwurke. De prestaasjes en de effekten binne ûntliend oan de doelstellings en ferwurke yn de Produkten 2019.

Ynlieding

Alderearst wurdt koart yngien op ûntstean en skiednis fan de Fryske Rie. It giet hjir ek oer de ynternasjonale ferbannen en it jout in algemiene fisjy op it wurk fan ús stifting.

De Fryske lannen groeie útinoar

Yn de midsieuwen binne de Fryske seelannen stadich útinoar groeid. Al yn 1289 is der in grins ûntstien tusken West-Fryslân, no de kop fan Noord-Holland, en it Westerlauwerske Fryslân. Yn Grinslân binne de Ommelannen ûntfryske troch de ynfloed fan de net-Fryske stêd Grins. En sûnt 1648 kaam der in steatkundige grins tusken Nederlân en Dútslân. Sa binne de ea mienskiplike bannen ferbrutsen en is de ea mienskiplike Fryske taal ferlern gien. Utsein yn de hjoeddeiske provinsje Fryslân, yn Noard-Fryslân, op Hilgelân en yn it Saterlân by Oldenburg. Yn it gebiet East-Fryslân is de taal fierders ferlern gien, mar is der wol in sterk Frysk bewustwêzen.

Mienskiplik ferline is basis bleaun foar kontakten

It mienskiplik ferline is lykwols altyd de basis bleaun foar kontakten. Dy binne benammen ta libben kommen yn it begjin fan de njoggentjinde ieu. Nei 1900 binne de kontakten sterker wurden. Dat kaam om't foaral út Westerlauwersk Fryslân lju de oare beide Fryslannen opsochten en kontakten waarm hâlden. Nammen yn dat ferbân binne Nanne Mungard fan Sylt, Piter Sipma en Jan Jelles Hof.

Nei 1920 kaam út East-Fryslân de rop om in jierliks treffen fan de trije Fryske gebieten. Dat late ta it earste "Friesenkongress", dat yn 1925 yn Jever hâlden waard, mei fertsjintwurdigers út de trije Fryslannen, Grinslân, Wursten, Butjadingen en Jeverland. Dat kongres en de kongressen dy't der nei komme soenen, foarmje de basis foar kontakten en mienskiplike aktiviteiten op it fûnemint fan de histoaryske bannen.

Oprjochting Fryske Rie

By it kongres yn Husum yn 1930 is foar it earst de Fryske Rie oprjochte. It doel wie de ûnderlinge bannen fan Fryske organisaasjes yn en bûten de Fryslannen, lykas yn Amearika, te fersterkjen troch kongressen en praktyske gearwurking by bygelyks lêzingen, publikaasjes en moetingen.

Twadde Wrâldkriich

De Twadde Wrâldkriich brocht in djippe ferwidering tusken de Fryslannen. Mar troch respektarre bestriders fan it Hitlerkleau-bewâld waard nei 1945 de tried wer oppakt. Dat late al yn 1952 ta in Frysk kongres yn Husum en yn 1955 yn Aurich. Doe is it bekende Fryske Manifest oannommen. Dêr wurdt ûnder oaren yn sein dat de trije Fryslannen ta wolle op in ienheid fan Europa. Fierders wurdt yngien op de mienskiplike kultuer en skiednis. Koart nei it kongres wurdt ek de Fryske Rie opnij oprjochte mei as doel de "Verbindung zwischen den friesischen Landen und den Friesen in aller Welt auf allen Gebieten zu fördern und zu pflegen".

Fryske Kongressen

De Fryske kongressen soenen tenei wer om de trije jier hâlden wurden as belangrykste moeting- en ynspiraasjetreffen. Dêrneist kaam ek om de trije jier it kulturele treffen op Hilgelân. Fierders binne der, op basis fan it Fryske Manifest, geregelde moetingen organisearre fan berops- en studintegroepen. De bekendste binne de boeremoetingen sûnt 1958, frouljusmoetingen, moetingen fan taalkundigen en studintemoetingen. Mar ek gemeentebestjoerders en leararen út de trije Fryslannen hawwe inoar op dizze basis kennen leard. Yn 1998 waard de ferieniging de Ynterfryske Rie oprjochte om rjochtens optrede te kinnen by benammen de Europeeske ynstellings.

De trijejierlikse kongressen hie de tema's: regionale ekonomy (1958), Noardseekultuer (1964), de Waadsee (1973), doarpsfernijing (1976), regionalisme (1982), migraasje (1988), Europeeske ienwurding (1991), lânskip (1997), toerisme (2003) en klimaatferoaring (2009). It ynterfryske kongres fan juny 2012 stie yn it teken fan de takomst fan de Fryske kultuer. Dat kongres mei as tema 'Nije kânsje foar de Fryslannen' waard yn yn Fryslân hâlden, nl. fan 1-3 juny yn Harns. Yn juny 2015 wie it Ynterfryske Kongres op it eilân Sylt / Noard-Fryslân en yn juny 2018 yn it gebou fan de Ostfriesische Landschaft te Au[w]erk/Aurich (Ostfriesland).

Dielname oan de kongressen steane foar elkenien iepen.

Wurdearring foar it wurk

Wurdearring foar it wurk fan de Fryske Rie en syn meistanners by it bouwen fan nije brêgen blykte yn 1990, doe't Keninginne Beatrix de Noardfryske foarsitter Jacob Tholund de ûnderskieding Officier in de Orde van Oranje Nassau útrikte.

Hjoed de dei

Moetingen en aktiviteiten op it fûnemint fan de Fryske skiednis yn it Europeeske ferbân fan no. Altyd troch in lyts espeltsje minsken op priemmen set en ûnderhâlden, mar mei grutte kânsen om mienskiplike problemen yn ús tiid te besprekken en sa in oplossing tichteby te bringen.

Wetlike ynstruminten

Boppeneamde Fryske Rie ("Friesenrat") is neffens de wetlike regels yn 1999 foarmjûn yn de Interfriesischer Rat e.V., mei de seksjes West(Fryslân), Nord- en Ostfriesland. It foarsitterskip (mei amtlike ûndersteuning) wikselte om de trije jier en kaam yn 2009 nei ús Fryslân.

Yn 1981 hat it beslút út 1956 om ek de Westerlauwerske Fryske Rie wer op'e nij op te rjochtsjen in wetlike basis krigen mei it passearjen fan de oprjochtingsakte fan de stichting Fryske Rie.

Kearntaken

Kearntaken fan de stichting Fryske Rie, spesifiker omskreaun yn it karbrief binne:

- a. it ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede betsjutting mei help fan ynternasjonale kontakten en mei it skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje;
- b. it bekend meitsjen yn oare Europeeske regio's fan de Fryske kultuer en it jaan fan meiwurking oan de presintaasje fan de kultuer fan oare Europeeske regio's yn de eigen provinsje;
- c. it stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa mei it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's;
- d. it befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken;
- e. it benammen befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.

Bestjoer en gearwurking fan de Fryske Rie *binnen Fryslân*

It bestjoer is gearstald út fertsjintwurdigers fan it ûnderwiis, de Feriening fan Fryske Gemeenten, de Fryske Akademy, de Federaasje fan Fryske studinteferieningen, de Fryske Rie fan Tsjerken, de lânbou-organisaasje NLTO en de frouljusorganisaasjes.

Der wurdt gearwurke mei oare organisaasjes sa as it Frysk Ynternasjonaal Kontakt (FYK), de Ried fan de Fryske Beweging en it EBLT.

Produkten 2019

De produkten fan de Fryske Rie lizze benammen op it mêd fan de gearwurking oer de steatsgrinzen hinne fan kêst 14b fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden.

De produkten binne basearre op de grûnslach sa as dy ferwurde is yn de Ynterfryske ferklearring (2006; sjoch www.fryskerie.nl):

“Wy hearre ta mear as ien steat, mar fiele ús dochs, nettsjinsteande alles wat ús skiedt, as hearrend ta ien folk, dat neffens wenst en wollen de eigen taal ûnderhâlde en útbouwe wol.

Wy wolle ús taal, dy't foar ús identiteit beskiedend is, befoarderje en útbouwe. Wy dogge in berop op alle offisjele en net-offisjele ynstânsjes, benammen pjutteplakken, skoallen, tsjerken, “Landschaften”, iepenbier bestjoer, ferienings en media om ús by ús stribjen nei befoarderding fan ús taal te stypjen.”

Dêrtroch hat de Fryske Rie grutte ûnderfining mei meartaligens: by syn aktiviteiten yn ynternasjonaal ferbân, oer de steatsgrinzen hinne (kêst 14 Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden).

A. De Fryske Rie hat tradisjoneel trije typen reguliere aktiviteiten dy't op hjirûnder by A3 yn in skema fan moetingen oanjûn binne. Foar al dy produkten wurdt subsydzje oanfrege, foar it oanbelangjende jier. De fraach nei de produkten is foar in part oanbod-rjochte en foar it oare part komt dy út de befolking wei. Dy fraach fertaalt him yn it tal dielnimmers oan dy produkten. As it bliken docht dat der te min belangstelling is of ûntstiet foar in bepaalde aktiviteit wurdt dy aktiviteit net trochsetten. De mjitberens fan de produkten wiksellet per aktiviteit. Elts jier wurdt yn it jierferslach oanjûn hoe grut it tal dielnimmers wie en út de jierrekken wurdt ek dúdlik wat de finansjele bydrage fan de dielnimmers west hat. Giet in bepaalde aktiviteit troch omstannichheden net troch dan wurdt oer de gefolgen foar de subsydzje oerlein mei de subsydzjejouwer.

Dielnimmers oan de aktiviteiten, it publyk dus, drage finansjeel by yn de kosten. Ek wurdt mei sukses in berop dien op fûnsen en sponsors. De bydrage fan dy lêsten is yn it foar net oan te jaan mar wurdt efternei yn de rekken ferantwurde. De doelgroep fan de produkten binne de ynwenners fan Fryslân dy't hearre (wolle) ta de troch it Ramtferdrach fan de Europeeske Rie ta beskerming fan nasjonale minderheden beskerme Fryske minderheid, fakentiids beropsgroepen, mar ek de befolking yn it algemien. Troch it ynternasjonale karakter fan de produkten dogge fansels ek dielnimmers út de oare Fryslannen mei oan de aktiviteiten. Dy dielnimmers fan bûten Fryslân en ek de susterorganisaasjes fan de Fryske Rie yn it ramt fan de Ynterfryske Rie (Seksje East en seksje Noard) drage fansels ek by yn de kosten.

A1. It Ynterfrysk Kongres, dat dus sûnt 1925 plakfynt en sûnt de fyftiger jierren ien kear yn 'e trije jier holden wurdt, ôfwikseljend yn elk fan de Fryslannen. Yn 2021 is it Frysk Kongres wer yn Fryslân. Yn 2019 is út ein set mei de earst tariedings.

A2. It Friesen-droapen (foarhinne de 'Sternfahrt der Friesen') op Hilgelân, in kultureel evenemint mei artysten út alle Fryslannen ienris de trije jier. Dy moeting fan Noard-, East- en Westerlauwerske Friezen op Hilgelân is en wurdt holden foar in breed publyk, út de trije Fryslannen. Yn maaie 2019 is dat barren wer organisearre.

A3. De reguliere meetings fan de beropsgroepen dy't yn de Fryske Rie fertsjintwurdige binne, ôfwikseljend yn de trije Fryslannen.

De kommende jierren sille wer ferskate (reguliere) meetings yn Westerlauwersk Fryslân plakfine. Wurke wurdt ek oan it opsetten fan nije meetings, nammentlik tusken ûndernimmers en in busreis bylâns âlde diken út Fryslân nei de Friezentsjerke yn Rome.

Moetings

De Fryske Rie beskikt oer in roaster fan meetings, dat yn it ramt fan de gearwurking mei de Ynterfryske Rie stâl kriget. De meetings wurde yn 'e regel jierren yn 't foar fêststeld.

It aktiviteiteroaster foar 2019 sjocht der sa út:

| Moetings | Noard-Fryslân (Frasche Rädj) | East-Fryslân (Freeske Raad) | Fryslân (Fryske Rie) | Ynterfryske Rie (Interfriesischer Rat e.V.) |
|---|------------------------------|-----------------------------|----------------------|---|
| Ynterfrysk Kongres | 2015 | 2018 | nntb | 2021 |
| Hilgelân Helgolandfahrt | | | | Maaie /juni 2022 |
| Bestjoerdersmoeting | | | Nov. 2019 | |
| Moeting mei Westfriezen | | | Nov. 2019 | |
| Fytstocht Noard-Fryslân – Westerlauwersk Fryslân yn it kader fan Ljouwert/Fryslân Kulturele Haadstêd 2018 | | | Maaie 2018 | |
| Frouljusmoeting | 2020 | 2018 | 2016 | |
| Studinten/jongelju | | | | |
| Kindergärtnerinnen | in projekt fan Noard-Fryslân | | | |

B. Oare aktiviteiten:

B1. By gelegenheid fan it 50-jierrich bestean fan it Frysk Manifest is yn 2006 troch de Ynterfryske Rie in hjoeddeiske tekst oannommen, sjoch [www.fryskerie](http://www.fryskerie.nl). Ien alinea dêr út is: **“Wy befoarderje en ûnderhâlde ús mienskiplike Fryske kultuer, dy't mei ús eigen taal ferbûn is. Wy roppe – yn de geast fan it Hânfêst en it Ramtferdrach ta beskerming fan nasjonale minderheden – de Bûnsrepublyk Dútslân en it Keninkryk fan 'e Nederlannen op om it wurk fan ús Fryske ynstitúsjes, ynstellings en ferbannen sa te befoarderjen, dat wy Friezen de stipe krije dy't oan de Europeeske standert foldocht.”**

Dit is, njonken eigen ferantwurdlikens, in fuortsterking om by gelegenheid as Fryske Rie diel te nimmen oan it politike proses dat de posysje fan de Fryske taal stypje en beskermje moat. It giet hjir benammen om it Ramtferdrach fan de Europeeske Rie ta beskerming fan nasjonale minderheden en it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. De Fryske Rie nimt diel oan de periodike harksittings fan it Konsultatyf Orgaan en fan it Committee of Experts fan de Rie fan Europa. Nei oanlieding fan de 3rd Monitoring Cycle fan it Committee of Experts hat de Fryske Rie in brief skreaun oan de ministers fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en fan Underwiis Kultuer en Wittenskippen, en oan de leden fan de Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal, oer it tapassen fan it Europeesk Hânfest foar Regionale talen en talen fan minderheden yn Nederlân. (Brief fan 15 septimber 2008, mei ôfskrift oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten).

De Fryske Rie is ek ien fan de ûndertekeners fan it brief fan 18 oktober 2010 oan de Rie fan Europa en de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes fan it EBLT, mei yn de 5e alinea omtinken foar ús korrespondinsje mei de ministers.

B2. De Fryske Rie sterket by stuiten belangstelling fan it publyk foar de trije

Fryslannen fuort. Dêrby wurde, fanwegen beperkte eigen jildmiddels, gauris oare ynsituten ynskeakele, lykas Omrop Fryslân (de film “Die drei Friesland. Ihre Sprache und Geschichte”, de dokumintêre oer Hilgelân, makke nei oanlieding fan it Friesen-droapen yn 2010, dy’t twaris útstjoerd is op “Hilversum” en it boek “De Fryslannen”, útjûn yn de mande mei de AFUK yn 2008 (mei Topografyske kaart). Yn 2010 hat de Fryske Rie in magazine publisearre: “50 Ynterfryske Boeremoetings, 1959 -2010”. Benammen de taheakke DVD is dêrby fan belang, mei ynterviews fan (âlde) boeren yn harren eigen streekdialekten fan de trije Fryslannen, mei tekstuele oersetting. In tiidsdokumint om’t har wurdskat en útspraak mei de feroare agraryske struktuer hast ferdwûn is.

B3. It stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa mei it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio’s, ien fan de statutêre doelstellings, hat der ta laat dat op it Frysk Kongres 2012 yn Harns, nei ynstimming fan de Ynterfryske Rie, de yntinsjeferklearing fan stipe foar “**Ljouwert KH 2018**” ûnderskreaun is, troch de Landrat fan Nord-Friesland, de Kommissaris fan ‘e Keningin en de presidint fan de Ynterfryske Rie/ foarsitter fan de Fryske Rie. Ofsjoen fan de wearde fan it dokumint op himsels, wie benammen de krantepublikaasje op de haadpagina fan in regionale Fryske krante, mar ek it buorkundich meitsjen troch Omrop Fryslân, fan belang by it positive beynfloedzjen fan de publike miening oer “Ljouwert KH 2018.

B4. Fergrutsjen nammebekendheid en draachflak

De Fryske Rie siket nei wegen om mear minsken en benammen jongere minsken te ynteressearjen foar harren idealen en wurksumheden. As dêrta oanlieding is sil er de Provinsje op de hichte hâlde fan útwurke plannen. De jierlikse Jonge boeremoetings foar studinten yn it agrarysk ûnderwiis is in resultaat hjirfan dat no al in tal jierren goed slagget.

Effektemjitting fan resultaten

De Fryske Rie sil it maatskiplik effekt fan syn aktiviteiten stelselmjittich byhâlde troch it sammeljen fan alle publikaasjes yn de media, ferkeapresultaten fan syn produkten en evaluaasje fan aktiviteiten.

Yn de jierlikse produktferslaggen en it Jierferslach sille wy dêroer rapportearje oan de provinsje, mar ek mûnling û.o. yn de kontakten mei de organisaasjes dy wy stypje en dy’t ús stypje.

Jildmiddels

De ynkkomsten fan de Fryske Rie besteane út jeften, provinsjale subsydzjes, subsydzjes fan fûnsen en sponsoring en út eventuele opbringsten troch ferkeap fan produkten (boeken, fideobannen/CD's/DVD's).

Oant 1996 krige de Fryske Rie ek in beskieden subsydzje fan it Ryk. Yn de Tredde Bestjoersôfspraak Fryske taal en Kultuer 2001 – 2010 tusken Ryk en Provinsje is as Ambysje fêstlein dat de provinsje in bydrage ferlient oan de Fryske Rie, en dat der foldwaande middels wêze moatte om útwiksels op it mêd fan kultuer en ûnderwiis tusken de provinsje Fryslân en East- en Noard-Fryslân (yn Dútslân) te bewurkmasterjen en te stimulearjen. "Het ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschappen draagt jaarlijks bij in de financiering van deze inter-Friese activiteiten en contacten tot een bedrag gelijk aan de jaarlijkse financiële inspanningen van de provincie Fryslân op dit terrein." (§ 8.4). Dat lêste is net fierder kommen as in ambysje.